

Tony Feitsma – Tusken Hemsterhuis en Grimm

Wy betinke Tony Feitsma troch presintaasje fan in bondel oer Joast Hiddes Halbertsma mei publikaasjes fan Tony en in konsert fan it gelegenheidskoar "de Feitsmasjongers".

Datum: 22 jannewaris 2012

Tiid: 14.00 oere

Plak: Tsjerke fan Brantgum



Wolkomswurd (troch Irénke Meekma)

Wolkom freugde

*(Gysbert Japicx; muzyk: trad,
bew. Hindrik vd Meer)*

1. Wolkom freugde fan de wrâld,
haadjocht oer de stjerren.
Grien en plant- en blommefâld,
mjitter fan ús jierren.
Himeleach dy't al oersjocht,
dy't ús dau en mist ûnttsjocht.
Dy't ús fjild bemielet,
ja, mei goud oerstrielet!

2. Kears en lampe fan `e dei
ûlfijân, iisteier,
moudestower, droegewei,
nacht- en froastferjeier,
ljepper oer it wiet en droech,
rûnterinder, nimmer slûch,
ier en let allinne,
wolkom, wolkom Sinne!

3. `k Sjoch de nacht al hast
ferflein
mei syn donkre wjokken.
Alleman dy riist oerein
en begjint syn drokten.
d' Iene ploeket, sieddet, eid't,
d'oare skiep en kij ferwijd't.
Elk is drok oan't reppen
yn syn deistich skreppen.

4. Ider dier is bliid, fol fjoer,
rint, fljocht, springt en dûnset!
wrinzget derten en oerstjoer;
blettret, baltet, gûnzet.
Ein en goes yn't wetter sliert;
't wylde fûgel tiereliert.
Libj' yn free en rêsten,
frij fan skeel en lêsten.

Gysbert sjongt

(Bernard Smilde; muzyk: Hindrik vd Meer)

1. (koar)

Swier hie de dize 't Fryske fjild
oerdutsen
en syn beklamming oer ús geaën lein,
doe hat myn stim de stilte
iepenbrutsen
en yn 'e iere moarn it wachtwurd sein.

Ald Fryslâns taal al hast ferlern te'n
deade,
ik naam him op, bespile him as nij,
joech d'âlde sprake waarmte wer en
wearde,
in pronk yn proaza en yn poëzij.

2. (allegear)

Heit boude it stedhûs, ik bou myn
fersen,
ik smei mei taal yn klinkend kleare
nocht.
Oan jong en âld jou ik myn wize
lessen,
lear Boalserters te libjen sljocht en
rjocht.

Ik haw de leave sinne wolkom hjitten
en har begroete: 'Freugde fan 'e
wrâld'.
Myn liet hat Fryslân foar jim libje litten
en ûnferjitlik fike yn't ûnthâld.

Tiete (koar)

(Jan Jansz. Starter; muzyk: âld, bew. Hindrik van der Meer)

Boekpresintaasje

Jan Noordegraaf fertelt oer de bondel "A. Feitsma, Tussen Hemsterhuis en Grimm" en oerhandiget it earste eksimplaar oan Jaap Rinzema.

Jetske (koar)

(Jan Jansz. Starter; muzyk: âld, bew. Hindrik van der Meer)

'Wurdsje oer Tony'

Piet Jon Sikkema seit it in wurdsje oer Tony, strider foar't Frysk, wapene mei kennis

Jûnbea (koar)

3. (allegear)

Ik song myn sang, in liet fan lok en
lijen,
in liet fan leafdesstriid, fan wille_en
wee,
fan noed en nocht by't freegjen en by't
frijen
fan wijde stilte by de golle free.

Ik song myn sang, as't yn myn herte
stoarme,
as ik oerstjoer fan leafde bûten roai,
ûnder de tsjoen fan Wobbelke har
sjarme
de âlde wurden fûn: "Wat biste moai!"

4. (allegear)

Ik song myn sang foar God en foar de
minsken,
it himelsk harplûd en it boersk petear.
Ik utere myn wille en myn winsken
yn psalm en liet, sa't David die alear.

Noch klinkt myn liet en it sil jimmer
klinke
salang yn't Fryske lân noch Friezen
binn'
dy't ieu oan ieu myn bertedei betinke.
Sjong dan myn sungen, al wat sjonge
kin.

Wobbelke (koar)

(Gysbert Japicx; muzyk: âld, bew. Hindrik van der Meer)

(Gysbert Japicx; muzyk: Joh. Hermann Schein)

Simmermoarn

(Waling Dykstra; meldij: G. Koster)

1. Wat bisto leaflik rizende
simmermoarn!

't Opgeande sintsje laket my oan.
't Hoantsje kraait: "kûkelû", 't doke
ropt: "rûkûkû"
Ik wol ek sjonge fleurig fan toan.

2. Alles wat libbet docht der no sines
by:

Fôltsjes en kealtsjes, hynders en kij.
Guoskes dy snetterje, skiepkjes dy
bletterje.
Lamkes dy springe nuvere blij.

3. 't Lurkje_yn 'e wolken, de_eintsjes
yn 't lizich wiet,
moskjes en sweltsjes, elts sjongt syn
liet.

De ea'barren klapperje, ljipkes
wjukwapperje.
Skries op 'e hikke ropt grito-griet!

4. 'k Woe foar gjin gûne dat 'k jit te
sliepen lei,

't is my sa noflik ier op 'e dei.
Protters dy tsjotterje, de_eksters dy
skatterje,
alles is fleurich, ik bin it mei.

Tsjerne en Yntske (koar)

(Gysbert Japicx; muzyk: 'Malle
Sijmen' (trad.), bew. Hindrik
van der Meer)

Goemoarn (koar)

(Tsjalling/Eeltsje Halbertsma;
muzyk: Dútske folkswize, bew.
Hindrik van der Meer)

Mûzeboaste (koar)

(Gysbert Japicx; muzyk: Hindrik
van der Meer)

Wêr sjogg' Jo sa'n romte

(Tetman de Vries; muzyk: Johan Bok, bew.
Hindrik van der Meer)

1. (koar)

Wêr sjogg' jo sa'n romte,
sa'n greiden, sa'n blomte,
wêr sjogg' jo sa'n romte
yn 'e maitiid as by ús
(*allegear*)

Dêr't sêft it wyntsje waait
en oer fjild it ljipke saait
eltse maitiid fiel ik wer
Fryslân dat ik by dy hear.

2. (koar)

Wêr sjogg'jo dy loft
dy seiltsjes by kloften
wêr sjogg'jo dy loft
yn de simmer as by ús.
(*allegear*)

Dêr't swietrook fan it hea
Jûns hinget oer't bedauwe gea
Eltse simmer fiel ik wer,
Fryslân dat ik by dy hear.

3. (koar)

Wêr brûzje de weagen
wêr rûzje de fleagen?
Wêr brûzje de weagen
Yn de hjerst sa as by ús
(*allegear*)

Dêr't de boer, syn ropping trou
yn rein en wyn stiet op 'e bou
eltse hjerstmis fiel ik wer,
Fryslân dat ik by dy hear.

4. (koar)

Wêr noegje de fearten
it jongfolk sa derten
wêr noegje de fearten
yn de winter as by ús
(*allegear*)

dêr't elts yn spanning sit
oft d'alvestêdetocht trochgiet
eltse winter fiel ik wer,
Fryslân dat ik by dy hear!

Hope (koar)

(Fedde Schurer; muzyk: Hindrik van der Meer)

It Heitelân

(J.L. van der Burg; meldij: J. Lindeman)

1. Dêr 't de dyk it lân
omklammet,
lyk in memme-earm har bern.
Dêr 't de wylde see jamk flammet
op in hap út Friso 's hern'.
Dêr 't de stiennen man syn eagen
stoarje lit oer fjild en strân,
Dêr 't men eanget fan gjin
weagen,
Dêr is 't leave Heitelân!
Dêr 't men eanget fan gjin
weagen,
Dêr is 't leave Heitelân!

2. Dêr 't Reaklif sa swietkes
lonket,
yn de jûntiidssinneskyn.
Dêr 't it bokweitblomke pronket,
tusken heide en beamguod yn.
Dêr 't de Aldehou syn brommen,
oeren fier soms dreunt yn 't rûn,
Dêr 't it tilt fan fee en blommen,
Dêr is 't oeral Fryske grûn!
Dêr 't it tilt fan fee en blommen,
Dêr is 't oeral Fryske grûn!

3. Dêr 't har froed de geaën
spriede,
tusken Lauwers, Linde en Flie.
Rêstich drôgjend, oft de ierde,
rûnom noft en frede wie.
Dêr 't de grûn de soargen leannet,
fan der minsken warbre hân,
Dêr 't men frij en feilich wennet,
Dêr is 't ynleaf Heitelân!
Dêr 't men frij en feilich wennet,
Dêr is 't ynleaf Heitelân!

4. Lit ús tinke oan âlde tiden,
ieuwen fol fan lêst en noed.
Kriich tsjin frjemdfolk, fjochtsjen,
striden,
wrakseljen mei wetterfloed.
Dêr 't Dy 't âlde folk bewarre,
dreech tsjin stoarm en twingerij.
Dêr sill' wy, as Friezen, swarre:
"Aldfaars erf, wy weitsje oer Dy!"
Dêr sill' wy, as Friezen, swarre:
"Aldfaars erf, wy weitsje oer Dy!"

Ynformele ôfsluting

Foarsitter Irénke Meekma slút it offisjele diel ôf. Wy geane nei Doarpshûs 'De Terpring' .

Feitsma Fûns

feitsma fûns is fryske

